

It Fryske tydskrift foar boppeboubern basisskoalle

Tsjil

Hoantsje op 'e toer

De Bjuster-
baarlike
Baron

In eachje
op dy

Hurde
wyn,
jasses!



Waarberjochten
Beammen op X
A minecraft movie

Op besite by
Brecht Folkertsma

2

Jiergong 28
Novimber 2024

Ynhâld

- 3** **Kom fierder**
Hoantsje op 'e toer
- 4** **Sjoch my**
Brecht Folkertsma
- 6** **Gedicht**
Rein
- 7** **Net te leauwen**
In eachje op spinnen
- 8** **No sa!**
Waar by Omrop Fryslân
- 10** **Koart ferhaal**
It hynder oan de toer
- 12** **Tsjil nijs**
Nijs fan Tsjil Tsjekt!
- 14** **Tsjek dit!**
Waarweetsjes
- 16** **Linke side**
Minecraft movie
- 17** **Der op út**
Twitterjende beam
- 18** **Loftgedicht**
Sels oan 'e slach
- 19** **Puzelside**
Trochstreekpuzel en mopkes
- 20** **Bauke, Nynke en Bram**
Strip



TAALPLAN
FRYSK
2030

Tsjil is in tydskrift foar learlingen fan de boppebou fan 'e basisskoalle.

Haadredaksje:
Tjitske van Akker, Cedin
Einredaksje:
Tsjomme Dijkstra
Opmaak:
Grafysk / Gerke A. Hofstra
Foarmjouwing:
Monique Vogelsang
Opmaak:
Gerke A. Hofstra / Grafysk
Foto foarkant:
Hoge Noorden (Jacob van Essen)

Redaksje-adres:
Cedin
Lavendelheide 21
9202 PD Drachten
088 0200 300
tsjil@cedin.nl
ISSN: 1389-348X

Cedin

Tsjil is fergees oan te freegjen fia www.taalplan.frl/oaanmelde. It tydskrift wurdt fiif kear yn it jier as klassepakket útjûn. De digitale ferzy en de byhearrende lesbrief by elk nûmer is te finen op www.cedinonderwijs.nl/tsjil

De redaksje fan Tsjil hat besocht om fêst te stellen wêr't byldmateriaal weikomt om de fereaske tastimming foar publikaasje te krijen. Elk dy't lykwols tinkt rjochten te hawwen, kin kontakt opnimme mei tsjil@cedin.nl.

Wy ynvestearje mei Taalplan Frysk yn de kwaliteit fan Frysk ûnderwiis op alle skoallen en alle ûnderwiisnivo's. Taalplan Frysk 2030 is in gearwurking fan Afûk, Cedin, Fers, Keunstwurk, NHL Stenden, Omrop Fryslân, Semko, SFBO en de provinsje Fryslân. www.taalplan.frl

Frysk, foar no en letter

Hoantsje op 'e toer

*Sis hoantsje op 'e toer
Sjoch do it fjild mar oer
Dyn wurk dat is de wyn
By rein en sinneskyn*

Samar in pear rigels út it ferske *Hoantsje op 'e toer* fan De Wiko's. In ferske dat al in skoft meigiet. Mar sjochsto eins wolris nei it hoantsje op 'e toer? In hoanne stiet bekend om syn alertheid en skerpe sicht. Troch in hoanne, net in echte fansels, op in tsjerketoer te setten, kin dat in symboal wêze as in warskôging foar gefaar en in teken dat der op de minsken past wurdt. De hoanne hat ek in plakje yn it ferhaal fan Petrus, datst yn de Bibel lêze kinst. Mar stiet sa'n hoanne dan allinnich as symboal op de tsjerke? Nee. Do kinst nammentlik oan de hoanne op 'e tsjerketoer sjen wêr't de wyn weikomt. Dat neamme we ek wol in wynhoanne of in waarhoanne. Der binne ek wol oare wynwizers op tsjerken te finen, sa as in skip, in swaan, in pylk, in hynder of in liuw. In wynwizer op in tsjerketoer is faak fan goud. Dat sjocht der moai en glânzjend út en bliuwt ek lang moai. Goud kin nammentlik net ruskje en wurdt net oantaast troch soeren yn reinwetter.

Yn dizze Tsjil giet it in soad oer it waar. Miskien wol it meast besprutsen ûnderwerp fan Nederlanners.

Wolst Tsjil online lêze of is master of juf op syk nei de lesbrieff by dit tydskrift? Sjoch dan op www.cedinonderwijs.nl/tsjil

In soad lêswille tawinske!

Groetnis,

Tjitske



Nije poster

Waaisto mei alle winen mei of bisto hiel dúdlik? Hokker rjochting past it bêste by dy? Kinste mei-inoar beprate wat dyn rjochting foar dysels en in foar in oar betsjut, bygelyks ast yn in groepke wurkest. Dizze poster fan Tsjil en Keunstwurk kinne jim moai ophingje yn skoalle!

Yllustraasje: Jeroen Deen

Hoe stiet dyn wyn hjoed?



Op besite by Brecht op 'e pleats yn Wolsum

fjouwer broers en susters en in hiele protte bisten: kij, skiep, hinnen, hynders, in hûn, in kat en sels in baarch. It waar spilet in grutte rol yn har libben omdat se in soad bûtenhobby's hat. Ek fytst Brecht, troch waar en wyn, alle dagen nei skoalle. In tocht fan wol 9 kilometer!

It libben op 'e pleats

Ast op in pleats wennest, is der altyd wat te dwaan. Brecht helpt mei ferskate kluskes, lykas it fersoargjen fan de krekt berne kealtsjes en it skjinhâlden fan de boksen fan de hynders. Se hat sels in eigen ko. 'Ik fyn it leuk om hjir rûn te rinnen op en alles te besjen', fertelt Brecht entûsjast. Se lit ek de molkrobot sjen, dêr't de kij automatysk mei molken wurde. De kij kinne fierder frij omrinne, sawol bûten yn it lân as binnen yn de stâl.

Ek is der in grientetún. 'Ik fyn it moai om te sjen wat der groeit, mar net sa om ûnkrûd te plukken'. Se lit in enoarme koerzjette sjen dy út de grientetún komt.



ht

Boartsje yn it strie

Brecht hat it faak drok mei húswurk en wat kluskes, mar der is ek genôch tiid foar wille. Se boartsje faak yn de striehutte, in lyts plakje tusken de balen strie, dat har heit spesjaal frijhâlden hat. 'Dat is echt ús boartersplak. Foaral as it min waar is is it dêr lekker waarm!', seit Brecht. 'En yn de simmer lansearje wy inoar graach op 'e trampoline'.

Sport en bisten

Brecht hat in soad hobby's. Se sit op follybal en keatsen, twa sporten dy't se hiel leuk fynt. 'As it min waar is, follybalje ik faak yn de skuorre. Dat kin altyd. Keatsen net, want dan pakt de hûn de bal ôf,' laket se. Hynsteriden fynt se ek moai. Se fersoarget har hynder en pony.

Takomstplannen

Hoewol't Brecht noch net krekt wit wat se letter wurde wol, hat se wol ideeën. 'In elektryske fyts soe handich wêze, dan kin ik flugger earne hinne,' fertelt se, want no fytst se elke dei nei skoalle op har gewoane fyts. Mar ien ding wit se wol: se soe net graach yn 'e stêd wenje wolle. 'Hjir kinne wy lekker raze en lol meitsje. Yn de stêd moastst folle stiller wêze, dat kinne wy net!.' wurde wol, hat se wol ideeën. 'In elektryske fyts soe handich wêze, dan kin ik flugger earne hinne,' fertelt se, want no fytst se elke dei nei skoalle op har gewoane fyts. Mar ien ding wit se wol: se soe net graach yn 'e stêd wenje wolle. 'Hjir kinne wy lekker raze en lol meitsje. Yn de stêd moastst folle stiller wêze, dat kinne wy net!.'



Wolsum is in terpdoarpke mei mar 150 ynwenners. It leit tusken Boalsert en Snits. Aardich weetje: Yn de tsjerke fan Wolsum hinget in klok út de 15e-iuw!

Rein

Waait it? Falt der in drip rein?
Dan moat ik myn reinpak oan.
Mem is seker fan har saak.
Sa'n pak is ommers hiel gewoan.

'Nee mem, it is net nedich.
Om sa'n buike jou ik neat.
Ik bin dochs net fan sûker.
Dat hawwe jim my ommers leard.'

'Bern, doch net sa nuver.
Kom, oars wurdsto dweiltrochwiet.
Aanst wurdst noch ferkâlden.
Hup, op 'e fyts, it is al tiid.'

Dan moat de kapusjon op.
Lûkt se de toutsjes goed fûl oan.
Sjaal der noch omhinne.
Hjir komt de ferskriklike snieman oan.

By ús om 'e hoeke
giet myn reinpak daliks út.
Sa gean ik de dyk net oer.
Se laitsje my allegearre út.

Dweiltrochwiet kom ik op skoalle.
Mei it hier op hurde wyn,
de maskara* drippend fan 't kin,
stap ik stoer de klasse yn.
Och sa'n buike, wat boeit dat.
Reinpak? Hoe spel' je dat?



In eachje op spinnen...

As it hjerst is, komst se oeral tsjin; spinnewebben. As der moarns daudripkes oan hingje, foarmje se opfallende keunstwurken. Gjin inkelde spin dy't fan natuere yn Nederlân foarkomt is gefaarlik foar de minske. Kinst de spinnen en de webben sûnder gefaar besjen (net oanreitsje fansels, want dan fersteurst har libben).

Springspin

Witst dat der ek spinnen binne dy't gjin webben meitsje? Der binne leafst 29 ferskillende spinnefamyljes yn Nederlân, mei yn elke famylje ek nochris oant wol fyftich

ûndersoarten! Ien fan de soarten dy't gjin web meitsje om ynsekten te fangen is de springspin. De grutste springspin yn Nederlân is de schorsmarpissa. It mantsje is tusken de 6 en 8 mm lang, it wyfke tusken de 8 en 12 mm. Hast se grif wolris sjoen. Witst wat wol grappich is? By dizze soarte is it in wyfke dat in snor draacht! In moaie giele ek!

Springspintsjes jeie oerdeis. Se wachtsje net ôf oft der in ynsekt yn har web bedarret, mar se geane aktyf efter harren proai oan! Se beslûpe de proai om, as se tichteby genôch kommen binne, de proai te bespringen en te fangen! Om de proai goed sjen te kinnen, hawwe de measte spinnen leafst acht eagen, no ja ... eachjes...

Eagen om te jeien

In spinne-each liket wol wat op in minske-each en hat in lens. Dat is oars as by oare ynsekten. De foarste fjouwer eagen falle by de schorsmarpissa goed op. Foaral de twa foarste midden-eagen lykje wol twa swarte gatten. Dêrmei kinne se, krekt as de minske, djippe sjen. Dat is wer handich as se de ôfstân ta harren proai ynskatte moatte om

de goede springlinge te bepalen. It binne dus hiele tûke jagers! De oare seis eagen binne oars as de foarste midden-eagen. Dizze eagen binne hiel ljochtgefoelich. Fjouwer fan dy eagen sitte boppe op 'e kop. Twa wat mear nei de bûtenkant, twa wat mear ferburgen yn de behierring fan de kop. Ast se foarsichtich en foaral rêstich benaderest, kinne jimme inoar rjocht yn 'e eagen sjen! En sjoch dan ek ris oftst de giele snor fan in schorsmarpissa-wyfke sjen kinst!

Kinsto alle acht eachjes fine op de foto? Mei safolle eagen per spin is it foar ús hiel dreech om samar in springspin te beslûpen. Se hawwe dy earder sjoen as do har! Net te leauwen dochs!?



It waarberjocht

Tjitske Wiebenga is waarfrou by Omrop Fryslân en wy mochten har ynterviewe. Neidat it waar jierrenlang har hobby wie, hat se der sûnt de simmer fan 2022 har wurk fan makke! Njonken waarfrou is se ek juf foar groep 5/6 op de Westermarskoalle yn De Jouwer, dy't se beskôget as de leukste klasse fan hiel Fryslân!



Hoe makkest in waarberjocht?

'Ik begjin mei it sjen nei waarkaarten, dy't sjen litte hoe't de drukferdieling is oer it hiele noardlik healrûn. Ik zoom hieltyd fierder yn, earst op Europa, dan de Benelûks en úteinlik op Fryslân. Ik besjoch de lege- en hegedrukgebieten, en wêr't de reinfronten binne. Dêrby sjoch ik nei ferskillende waarmodellen fan oer de hiele wrâld. Sa hawwe ferskate modellen harren eigen spesjaliteiten.


It is ek wichtich om nei te tinken oer wat der earder bard is mei it waar. As it earst in soad reind hat, kin it dreger wêze om it waarm te krijen; it wurdt dan net fuortendaliks hiel waarm. Mar as it lange tiid moai waar west hat, kin de rein earst net goed yn de grûn lûke.

As ik alle ynformaasje sammele haw, skriu ik in papierke fol mei stekwurden. Dêr notearje ik de wynrjochting, temperatuer en it waarbyld op. Ik kontrolearje ek de waarkaarten en set de goede piktogrammen klear mei de foarmjouwers, lykas in sintsje of in wolkje.'

Hoe lang duorret it om in waarberjocht te meitsjen?

'Yn totaal kostet it my oardel oere om ien waarberjocht ta te rieden kwa ûndersyk fan de kaarten, dêr't ik soms wol tritich tabbladen by iepen haw. Mar de hiele dei bin ik wol dwaande mei it checken fan nije kaarten dy't hast alle oeren binnen komme, foar as der wat feroaret yn it waar.

Wy krije by Omrop Fryslân in soad foto's fan it waar, dat is hiel leuk! Dy sykje ik dan út om sjen te litten. Ek moat ik myn praatsje tariede, ik wol net alle kearen itselde fertelle fansels! Op tv presintearje ik it waar út 'e holle, by de Omrop hawwe wy gjin autocue! Al mei al bin ik der wol in dei mei dwaande!'



Wat is dyn favorite soart waar?

'Ik hâld fan dagen dat it oerdeis waarm en wat benaud is, om de 25 à 26 graden hinne, mei sa no en dan sinne en wolken. En dan jûns flink wat tonger, mar sûnder al te folle skea fansels. Ik bin gek op tonger, en yn maaie 2025 sil ik nei Amearika om op tornadojacht te gean – in dream dy't útkomt!'

Hoe bist waarfrou wurden?

'It waar hat altyd in grutte hobby fan my west. Neist myn wurk op de basisskoalle haw ik altyd fassinearre west troch waarsomstannichheden, lykas tonger en snie. Doe't ik jong wie, makke ik al wurkstikken oer tornado's. Doe't ik 12 wie gong ik mei in freondinne nei in konsert fan De Kast, mar doe't wy dêr wiene, kaam der in dikke falwyn oer de feesttinte en waard de feesttinte fuortblaasd. Ik moast doe drave foar myn libben. Dat hat my net ôfskrikt, mar noch mear nei it waar lutsen.



Ik siet hiel lang by in feriening foar waaramateurs, it VWK, dêr haw ik in soad kontakten opdien. Nei it ferstjerren fan Piet Paulusma krige ik de kâns om fia it waarburo Weerexperts by Omrop Fryslân te wurkjen. Dat fûn ik earst wol hiel spannend! Ik hie gjin spesifike oplieding folge, mar hie troch myn jierrenlange ynteresse en hobby in soad kennis opdien. Mar ik bin hiel goed ûntfongen by Weerexperts en de Omrop en haw in soad kennis opdien. No kin ik myn passy foar it waar deistich diele. Dat fyn ik fantastysk en dêr bin ik tankber foar!

Stellingen foar waarfrou Tjitske:

Buienradar of sels sjen?

Sels sjen

Alle dagen stoarm of in ivige

hjittegolf?

Oei, dan dochs altyd in hjittegolf, dan kinst teminsten noch swimme!

Poddestuollen sykje of aaisykje?

Poddestuollen sykje

Op lokaasje of yn de studio?

Op lokaasje yn it waar, leafst mei stoarm!

Reedride of skûtsjesile?

Reedride



It hynder oan de toer





In ferhaal fan de bjusterbaarlike baron

Myn reis begûn doe't ik midden yn de winter op 'en paad gie nei Ruslân. Der wie my ferteld dat dêr oarloch wie, en dat se it net winne koenen. Oft ik se ek helpe koe? Fansels, wa't it net allinnich rêdt, kin op my rekkenje! It spiet my dat ik myn trouwe hazzewynhûn net meinimme koe. Kwispeljend stie er my nei te sjen doe't ik fuortried. Ik reizge op myn hynder, want nei Ruslân rinne is sels foar in man as ik te fier. Wy rieden nei it easten, de strange winter temjitte. It waard kâlder en kâlder, en it begûn hieltyd mear te snijen. Dikke flokken snie dwarrelen út de wolken. En ûnder dy wolken troch ried ik. Hoe tichter wy by Ruslân kamen, hoe mear ik begûn te klappertoskjen. Skoftenlang hie ik gjin doarp of stêd sjoen en neffens de kaart moast ik troch in ticht bosk ride, mar der wie gjin beam te bekenen. It snijde mar troch en it waard tsjusterder en tsjusterder. Tiid om in sliedplak te sykjen. De nacht oerfoel my en ik seach gjin hân

foar eagen mear. Deawurch stapte ik fan myn hynder. Om my hinne wie alles wyt. Allinnich mar snie, sa fier as ik sjen koe. O ja, en in pealtsje. Ik makke myn hynder dêroan fêst en ik joech my neist him del. Doe't ik de oare deis wekker waard, skynde it sintsje en wie alle snie ferdwûn. Ta myn fernuvering lei ik midden op in plein yn in doarp. Mar myn hynder lei net neist my. Soe ik him net goed fêstmakke hawwe? Ik hearde him wol, mar ik koe 'm net fine. Oant ik by de toer fan de tsjerke omheech seach... Blinder, dêr hong er, oan it hoantsje fan de toer! Net ien begriep der wat fan, mar ik hie daliks troch wat der bard wie. It doarp hie hielendal ynsnijd west doe't ik oankaam. Mar it waar wie omslein en dy nachts wie alle snie raand. Wat yn it tsjuster in pealtsje like, blik no it hoantsje op 'e toer te wêzen! Ik wie gau út 'e rie, pakte myn pistoal, mikte, en skeat mei ien skot de leie troch dêr't ik myn hynder mei fêstsetten hie. En reizge wer fierder.

Nei it lêzen



Meitsje in stripferhaal fan it ferhaal dat jim krekt lêzen hawwe. Nedich: papier, potleaden en/of stiften, pinnen

Stap 1: Bepreat mei-inoar wêr't it ferhaal oer giet.

Stap 2: Skriuw op:

- wa komme der foar yn it ferhaal?
- wêr is it?
- wat bart der?

Stap 3: Bepreat mei-inoar hoe't it ferhaal yn in strip ferteld wurde kin en yn hofolle hokjes dat past. Betink wat yn elk hokje tekene en sein wurdt.

Stap 4: Ferdiel de hokjes oer it groepke. Tekenje mei in potlead de earste opset. Skriuw de tekst yn tekstballonnen mei potlead derby.

Stap 5: Lis de hokjes fan allegear neist elkoar. Binne jim tefreden? Kleurje de strip dan yn

Stap 6: Presintearje de strip oan de groep.



Tsjil Tsjekt draait alwer op folle toeren! Fol gas, want de earste ôflevering brûsde fan de enerzjy. Der binne wer nije pompys te fertsjinjen en dus wer nije kânsen foar eltsenien. Neist Tsjil Tsjekt bart der noch folle mear by Tsjil. Dêr fertelle we dy no mear oer!



1 Meidwaan!

Docht jim klasse dit skoaljier ek (wer) mei oan Tsjil Tsjekt? Dat soe fet wêze! Der binne dit skoaljier fiif tema's en dêrby wurde tsien ôfleveringen fan Tsjil Tsjekt makke. Ungefear ien oant twa wiken nei elke 'grutte' skoalfakânsje komt der in nij tema online. Dogge jim noch net mei oan Tsjil Tsjekt? Freegje fia de QR-koade of op tsjil.omroepfryslan.nl fergees in koade oan en join the club!



2 In stoarmeftige Tsjil Tsjekt!

Sjoch ris nei bûten. Ast gelok hast, dan skynt it sintsje lekker, mar de kâns is grutter dat it bûten grau en griis is. Bah, saaie boel... Mar neat is minder wier. Mei de hjerst yn folle gong en de winter foar de doar is der bûten folop aksje. En dus waaie wy yn Tsjil Tsjekt efkes lekker út mei fragen oer it waar.

Want wêrom is it waar yn Fryslân wat it is? En wat bart der allegear om te soargjen dat wy feilich foar wetter, wyn en stoarm binne? Hoe regelje bisten dat eins? En hoe beskermje minsken harren sels op oare plakken yn de wrâld tsjin ekstrem waar? Koartsein, spesjaal foar dy en dyn klasse in stoarmeftige Tsjil Tsjekt!



3 Wat in aventoer

Pak der in kleedsje by en krûp mei dyn jongere broerke, suske, neefke of nichtsje lekker op 'e bank dizze hjerst. Want yn de hjerstfakânsje is Wat in aventoer te sjen. Yn it nije programma boartsje Hidde en Lieke by beppe. Se meie fan beppe net op souder komme, mar dogge dit stikem wol. Dêr fine se it wûndere bisteboek. Sadree't se it boek iepen dogge, ferdwine se yn de bistewrâld.



De iene kear as slak, dan wer as hin of haai, it kin allegear. Se belibje sa allerhande aventoeren, mar lokkich, krekt as it spannend wurdt, komme se werom by beppe op 'e souder. Hidde en Lieke prate ôf dat it harren geheim bliuwt en sizze neat tsjin beppe.



4 Tjits troch waar en wyn

Us Fryske flogger Tjits stoarmet gewoan troch. Har hiele simmer hat se fêstlein en dat is wer allegear te finen op har kanaal. Op paad mei de camper, in swimbad yn 'e tún, de Apenheul en smoarhjitte feestjes. Noch efkes neigenietsje fan de simmer? Check dan gau Tjits har YouTube-kanaal!

5 Tsjilste skoalreiske

Jim witte yntusken hoe't it wurket. De skoalle dy't mei Tsjil Tsjekt de measte pompys binnenhellet wurdt de nije Tsjilste skoalle fan dat jier. En dy skoalle wint in moaie priis. Ofrûne jier wie dat OBS De Schakel út Rotsterhaule, mar dit jier binne der wer nije kânsen en dêr heart fansels ek wer in prachtige priis by. En dit jier is dat in hiel Tsjil skoalreiske. In hiel soad sukses!



Satellytfoto's fan ESA en it waar yn Fryslân

Yn Wy sjogge nei de loft om it waar te sjen of wy sjogge op de skermkes fan ús mobyltsje of iPad. Ut de romte wei observearje satelliten de ierde. Se meitsje skitterjende foto's. Op de website fan ESA (European Space Agency) fynst prachtige foto's fan de ierde. Hjir dizze foto's fan it Noardseegebiet. Fan boppe ôf kinst dúdlik sjen dat wy yn Fryslân oan see lizze: de Waadsee en de Noardsee. Net op dizze foto te sjen is de Atlantyske Oseaan dy't ek in hiel grutte ynfloed op ús waar hat. dy't it fossyl fûn hat.



De offisjele website oer it waar en klimaat: KNMI

Foar ynformaasje oer it waar binne der hiel wat handige websites sa as KNMI, Buienradar, Weerplaza en Weeronline. Dy fan it KNMI is it nijsgjirrichst, want it is de offisjele Nederlânske waarwebsite: KNMI - Koninklijk Nederlands Meteorologisch Instituut. Fynst der de wereld oan nijsgjirrige waarynformaasje: waarkaarten, temperatuerkaarten, foarspellings, ensafuorthinne.




It waar op Omrop Fryslân

FFoar de measte minsken is in koart dúdlik waarberjocht genôch. Dêrfoar sjochst gewoan op de webside fan Omrop Fryslân. It aardige is ek nochris dat it it waarberjocht foar ús provinsje is. Kinste it waarberjocht lêze, mar der binne ek handige filmkes mei it lêste waar. En hast it ynterview mei waarfrouw Tjitske Wiebenga yn dizze Tsjil al eefkes lêzen? se krije, want dan doch ik it oarsom'. It hat de fotograaf in soad publisiteit opsmitten.



Satellytanimaasjes

Op de website fan Buienradar kinste moai sjen of der rein is of oan sit te kommen. Mar der is mear! Want kinste der bygelyks mei satellytfoto's en satellytanimaasjes sjen hoe't it mei de wolken boppe ús lân sit en hoe't dy ferskowe.



Website Windy.com

En wolst witte fan watfoar kant de wyn komt? En hoe hurd dy waait? Miskien wolst witte wêr't de lucht weikomt: is it út it poalgebiet of hat dy in tropske oarsprong? Surf dan nei www.windy.com




It waar op Weerplaza

Op de webside Weerplaza.nl is ek in soad ynformaasje oer it waar te finen. Kinst dyn eigen lokaasje besjen, mar kinst ek op oare plakken sjen. Ek aardich foar ast op fakânsje bist




It waar op Meteoalarm

Bist nijsgjirrich nei ekstreem waar mei hiel hurde wyn of stoarm, mei frachten rein of snie, mei hiel hege of, krekt oarsom, mei hiel lege temperatueren? Dan is de webside fan MeteoAlarm.org echt wat foar dy! Foar warskôgingen brûke se trije kleuren: giel, oranje en read. Kinst de koades foar hiel Europa sjen. Klik op de kaart en do sjochst wat der oan de hân is.



Waarfilmkes op Youtube

Bisto gek op fan dy âlde filmkes? Sykje op bygelyks YouTube nei it waar. Tink bygelyks oan: winter Nederland 1929, winter Nederland 1963, Elfstedentocht 1963, hete zomer 1976, sneeuwstorm 1979, ijzelwinter 1987, sneeuw Friesland 2009, herfststorm 2013, zomerstorm 2023... No ja, wat komt yn dy op?



MINECRAFT OP IT WITE DOEK

Eefkes yn it waar sjen? Nei de bioskoop is altyd leuk. In protte fans wachtsje al jierren op de Minecraft-film. Dy komt der no ek echt oan, want de film moat yn april 2025 te sjen wêze. Giesto der hinne?



Wêr giet A Minecraft Movie oer?

De film is fansels basearre op de populêre game Minecraft. Yn de film komme fjouwer apartelingen yn in soarte fan Minecraft-wrâld terjochte. Om werom te gean nei de normale wrâld, moatte se stride tsjin gemiene kreaasjes. Fansels komme se ek Steve, it ikoanyske personaazje út Minecraft, tsjin.

Lang ferwachte

It útbringen fan de film hat eefkes duorre. De film is nammentlik al in pear kear útsteld. Oarspronklik soe de film al yn 2019 út komme, mar dat stelde makker Warner Bros út nei 2022. Ek dy datum waard útsteld fanwege de koroanapandemy. No stiet de releasedatum plend op 3 april 2025. It sjocht der nei út dat dat goed komt.

Earste bylden

Yn septimber wiene de earste bylden fan A Minecraft Movie te sjen. Doe ferskynde de offisjele teaser. Yn de fideo dy't dield waard werkenst in protte dingen út de game. Ek sjen? Scan de koade!



Popelier IS POPULÊR OP X

Der op ut

**In popelier dy't praat en 'twitteret' oer it waar?
Hoe dan? Hoe kin in beam no prate en ek wat
fertelle oer it waar? Lês gau hoe't dat sit.**

Yn 2017 hawwe Wittenskippers fan de Universiteit Wageningen in popelier dy't op 'e kampus stiet in apparaatsje, in soarte fan kompjûter, oan de stam fêstmakke. Dêrmei kinne se mjitte en ûndersykje hoe't de beam him fielt. Dat is hiel moai, want no kinne de wittenskippers sjen en hearre hoe't it steld is mei bygelyks klimaatferoaringen; oft it waar ynfloed hat op de beammen en oft de beammen har oanpasse oan it waar. Dat is belangryk om te witten want dat leart ús mear oer it effekt fan klimaatferoaring. Mar wat fansels noch folle aardiger is, is om te witten is wat de popelier op X te sizzen hat. En dat kin fia syn kompjûterke.

De popelier is tritich jier âld en fielt him goed. As it waarm is en hy toarstich is, kin er wol 12 liter yn 'e oere drinke! Yn totaal kin er op in dei wol 171 liter drinke. No is dizze popelier wol 26 meter heech en hat er in soad blêden dy't wetter nedich ha. As it in waarme drûge dei is, ferliest er wol 115 liter op in dei. It is hurd wurkjen foar de popelier om alle dagen mar wer safolle wetter te drinken en derfoar te soargjen dat er net útdrûget. De popelier fertelt ek oft er it kâld hat of lêst fan hurde wyn. En doe'ter it in kear hiel waarm hie en dus toarst hie, tweete de beam 'wêr bliuwe de wolken no?' Super leuk om te folgjen. De beambiolooch en ûndersykslieder Ute Sass-Klaassen hâldt de popelier goed yn 'e gaten.

Yn Europa is der al in netwurk oan twitterjende beammen, België hat in iik, esdoarn en bûk, yn Dútslân en Spanje 'praat' in dinnebeam en yn Switserlân is it in lariks.

No is it hjerst en stoppet it groeien fan de beam en is it wat stil op X. Sykje takom jier op X nei de popelier en harkje nei wat er te fertellen hat oer it waar en syn sûnens.



En ... sykje takom jier ek ris in popelier op.
Lis de hannen om de stam fan de beam en fielt dan oftst de sopstream streame fiele kinst. Dat fielt dan as tssjuk, tssjuk, tsssjuk. Krekt sa ast it bloed yn de pols fan de minske fielt, sa fielt ek de sopstream fan de beam.

De inktfluencer



In loftgedicht meitsje

'Witsto wol dat Fryslân bekend is om syn prachtige loftten? Dy loftten ynspirearje keunstners om der foto's en skilderijen fan te meitsjen. Of der gedichten oer te skriuwen. Se sizze dat it ljocht nergens sa moai is as yn Fryslân... Wat bin ik dêrom bliid dat ik hjir wenje. Ik krij altyd fergeze ynspiraasje. Witst hoe? Doch itselde as ik: gean op 'e rêch yn it gers lizzen. Of as it te kâld is, giest yn 'e finsterbank sitten. Sjoch nei de wolken. Tink dy ris yn...do hast in loftfyts... Wêr giest dan hinne? Wat sjochst dêr? Wat dochst dêr? Hoe fielt dy dêr?'

Groetnis fan de inktfluencer

Sels oan 'e slach

1. Ynspiraasje

Besjoch it filmke fan Rinke de Inktfluencer oer it loftgedicht (<https://www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl/de-inktfuencer/>)



3. Meitsje yn twatallen

Antwurden op de fragen betinke en opskriuwe yn de memmetaal:

- Wêr giest yn dyn dream hinne?
- Hoe giest derhinne?
- Hoe fielt dy dêr?
- Wat sjochst foar lânskip?
- Wat sjochst noch mear?
- Hoe fynst dat?

Fertaal it gedicht yn it Frysk mei help fan De Oersetter.

4. Moaier meitsje

Ferbetterje it gedicht mei help fan de tips fan de Inktfluencer (Tink as in dichter), de Oersetter (app), Frysk wurdboek, www.frysker.nl, elkoar

2. Ferwûnderje

Lês it gedicht ûndersteande twa kear. Praat mei-elkoar (alle bern of yn groepkes) oer it gedicht.

Op 'e loftfyts

Lvilekkerlân

Yn myn kano

Wauw

In kronkeljende droprivier

It reint kola

Hoe fet is dit!



5. Bewûnderje

Presintearje de gedichten oan elkoar. En bepraat de foardracht mei help fan tips fan de Inktfluencer 'Lês foar as in dichter'.

Mear ynfo en lesideeën fynst op www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl/schrijven

Mear ynfo en lesideeën fynst op

www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl/schrijven

Puzelside

Dizze kear in trochstreekpuzel mei wurden dy't mei it waar te krijen ha. De letters dy't oerbliuwe, foarmje in wurd. Kinste de puzel oplosse? Skriuw dat wurd yn in e-mail en stjoer dy **foar 5 desimber nei tsjil@cedin.nl**. Skriuw dúdlik dyn namme, groep en skoalle yn it e-mailtsje.

Trochstreekpuzel

K	R	Ô	K	J	E	L	U	C	H	T	D	R	U	K
B	S	I	N	N	E	H	E	I	L	S	T	I	E	N
R	W	N	J	Z	N	A	T	U	E	R	R	A	M	P
O	R	E	I	T	E	M	P	E	R	A	T	U	E	R
D	E	P	R	E	S	J	E	M	T	O	N	G	E	R
Z	I	R	E	I	N	F	C	E	L	S	I	U	S	T
I	N	S	W	A	A	R	S	T	A	S	J	O	N	E
C	B	I	F	E	N	O	M	E	E	N	R	D	D	R
H	Ô	N	L	M	S	A	W	O	W	K	W	E	I	M
S	G	N	O	A	E	S	A	R	A	L	Y	L	Z	O
T	E	E	R	I	I	T	A	O	A	I	N	S	I	M
O	J	S	K	T	Z	I	R	L	R	M	H	L	G	E
A	O	K	A	I	O	C	M	O	M	A	O	A	E	T
R	C	Y	A	I	E	H	A	G	T	A	A	C	N	E
M	H	N	N	D	N	T	N	Y	E	T	S	H	S	R

- | | | |
|-----------|-------------|-------------|
| Brodzich | Krôkje | Sinneskyn |
| Celsius | Luchtdruk | Snie |
| Delslach | Maitiid | Stoarm |
| Depresje | Meteorology | Temperatuer |
| Dizigens | Natuerramp | Termometer |
| Fenomeen | Orkaan | Tonger |
| Froastich | Rein | Waarman |
| Heilstien | Reinbôge | Waarmte |
| Izel | Seizoen | Waarstasjon |
| Klimaat | Sinne | Wynhoas |

De priiswinner fan de lêste puzel is **Hisse Lok** út groep 8 fan de **Gielguorde út Mantgum**. De oplossing fan de foarige trochstreekpuzel is **bargebitten**.

Utlis: as it útrint op bargebitten komt der faak rûzje.

Mopke



Twa semintsekken rinne oer de strjitte. Seit de iene tsjin de oare: 'It begjint sa hurd te reinen'. Seit de oare: 'Makket net út, dêr wurdst hurd fan!'



Riedsel

Der steane fjirtich bern ûnder ien paraplu, mar se wurde net wiet. Ried ris, hoe kin dat?

Antwurd: it reint net!



Sudoku

9		6	5	4	1			7
		2	9		7	4	1	6
					2		9	
5		3	1	7	8		4	
4	2			9		1	7	
7		9	2	5	4			8
		7				6		
			7	1		2	3	4
2	4	1		6	3		5	

BAUKE NYNKE EN BRAM

NYNKE KOMT FOAR IT MINNE WAAR ÛT SKOALLE

KOM BRAM NOCH GAU EVEN NEI BÛTEN

